PARTIJ VOOR DE **VRIJHEID FRYSLÂN**

› DE PVV IS DER FOAR JO!

Ferkiezingsprogram
2023 – 2027

› YNHALDSOPJEFTE

› Wêrom PVV stimme? 1

› Us Spearpunten 2

› US STANPUNTEN

› Bestjoer & Demokrasy 4

› Lânbou & Fiskerij 7

› Klimaatrealisme & Enerzjytransysje 10

› Ynfrastruktuer & Ferkear 13

› Kultuer & Ymmigraasje 16

› Ekonomy & Leefberens 20

› Wenjen & Romtlike Untwikkeling 24

› Toerisme & Rekreaasje 28

› WEROM PVV STIMME?

Foar jo belang

De PVV Fryslân set har yn foar in provinsje dy't tsjinstber is oan har ynwenners. Wy hawwe dêr in dúdlik útgongspunt by: it belang fan ús heitelân en de Fryske boarger moatte altyd sintraal stean. As belied of beskate beliedsfoarnimmens dat belang net tsjinje, dan moatte we, wat ús oanbelanget, daalk ophâlde mei dat belied of moat it fersmiten wurde. Dat belied leit foar ús sa fêst as in hûs en jout in dúdlike rjochting oan ús idealen en ôfwagings.

Binnen dit útgongspunt jildt foar ús ek dat it belied har yn it foarste plak beheine moat ta de provinsjale kearntaken, mar dat hjir fan ôfwykt wurde mei, bywannear't dat nedich is yn it belang fan ús heitelân en/of dat fan de Fryske boarger.

Al mannich jierren litte wy in sterk en realistysk tsjinlûd hearre op fakentiden loftse en neoliberale plannen; plannen dy't benammen it belang tsjinje fan de Brusselske, Haachske, dan wol de eigen fêstige oarder en net dy fan de boarger. Plannen dy't by eintsjebeslút allinne mar behinderje, beskoalmasterje en/of soargje foar it fergriemen fan belestingsinten. Wy meitsje ús aloan sterk om dat te feroarjen, mar spitigernôch steane we mei de troch ús oandroegen útstellen faak frijwol allinne yn de Fryske Steaten.

Wy wegerje om mei te dwaan oan efterkeammerkes-oerlis, ticht timmere koälysje-akkoarten en langstme nei de macht fan it pluchje. Wy bliuwe dêrby trou oan ús útgongspunt, dat it altyd gean moat om it belang fan ús heitelân en fan de Fryske boarger.

De PVV stiet foar ferantwurde bestjoer, ferantwurde karren en ferantwurde útjeften. Ferantwurde belied, dêr't wy graach oer yn petear geane mei de ynwenners, om sa wier polityk fan ûnder op te bedriuwen, sadat it lûd fan de boarger wier heard wurdt yn de (provinsjale) polityk. Wy binne frijwol de iennichste politike partij dy't beslút-foarming wier oerlitte wol oan de befolking fia referinda en/of digitaal rieplachtsjen. Op dizze manier kinne ja harren útsprekke oer saken dy foar harren wichtich binne en dy't de Fryske omjouwing beynfloedzje.

Mei krêft en in iepen en frisse blik wolle wy wurkje oan in better Fryslân. In grutte PVV kin dêrfoar soargje en mei in gruttere stim yn de Provinsje kinne wy ek yn de Earste Keamer in noch sterkere fûst meitsje tsjin it ôfbrek belied fan it hjoeddeiske kabinet. Koartsein, it binne wichtige ferkiezings; stim dus op 15 maart en stim PVV.

Yn de neifolgjende haadstikken fine jo neist ús spearpunten, fan elts ûnderwerp fan belied ús stânpunten mei in heldere en oersichtlike taljochting.

› US SPEARPUNTEN

De folgjende spearpunten binne de kearn fan ús program:

› Mear direkte demokrasy troch û.o. referinda en digitaal rieplachtsjen

› Rjochte oplossingen foar kwetsbere minsken yn de mienskip

› Wy dogge net mei oan de klimaat gekheid

› Gjin wynmûneparken en sinneparken

› Minder islam en in folsleine stop op ymmigraasje

› Gjin Deltaplan foar it Noarden

› Bestriding fan de woke-diktatuer

› Kultureel histoarysk erfgoed fan Fryslân yn stân hâlde

› Opsinten wegebelesting ferleegje en úteinlik ôfskaffe

› Befoardering fan betelbere rekreaasje en fersterking rekreaasjesektor

Concordia Res Parvae Crescunt
Bisschop Bonifacius predikt het Chri
=tendom aan de Priezen Anno dccxx
van Jerusalem

› BESTJOER & DEMOKRASY

Mear demokrasy
De PVV stribbet yn De Haach, de provinsjes en yn de gemeenten nei in sa direkt mooglike demokrasy. Yn Fryslân falt der op dit mêd ek noch in soad te winnen, want by it grutste part fan it provinsjale belied is nammentlik amper te sprekken fan demokratyske legitimiteit; koartsein, de stim fan de burger jildt net.

Fierdere demokratisearring fan it provinsjaal bestjoer en it belied dat dêr út fuortkomt, is dêrom needsaaklik. As ûnderdiel fan dat stribjen wolle wy dat de boarger sels sawol de kommissaris fan de Kening as de eigen boargemaster kin kieze. Mar bygelyks ek dat it inisjatyf fan gemeentlike weryndielingen út de mienskip sels komme moat en dat net – lykas no – it Ryk, de provinsje of in gemeente de earste stap set.

Ynfiering referinda en ynset digitaal rieplachtsjen
Wy pleitsje yn it ramt fan fierdere demokratisearring ek foar it ynfieren fan binende referinda en it wiidweidich ynsetten fan objektyf digitaal rieplachtsjen, sadat de ynwenners fan Fryslân streekrjochte ynfloed krije op it meitsjen fan it belied.
Op dy manier beskiedt de Fryske boarger sels de takomst fan Fryslân en net – lykas no – in selekt ploechje politisy sûnder bining mei de maatskippij.

Tige krekte tapassing fan de Wet dualisearring provinsjebestjoer
As deistich bestjoer fan de provinsje hat it kolleezje fan Deputearre Steaten in soad macht, wylst it demokratysk gehalte fan dit orgaan bot te winskjen oerlit.
Yn de praktyk bestiet der gjin skieding tusken dit deistich bestjoer en de Provinsjale Steaten as kontrolearjend orgaan. De deputearren binne nammentlik ôfkomstich út de koälysjepartijen, dy't ûnderinoar in koälysje-akkoart hawwe sletten.
De Steateleden fan dizze partijen falle yn prinsipe de deputearren noait ôf, en sille de deputearren dêrtroch net objektyf kontrolearje. De opposysjepartijen hawwe dêr amper of gjin ynfloed op.

It oan de lears lappen fan de wet moat stopje. Dêrom fine wy dat de 'wet dualisering provinsjebestjoer' fan no ôf tige krekt neikommen wurde moat en dat ûnôfhinklike saakkundigen sûnder partij oansluting en fan bûten de Provinsjale Steaten tenei oansteld wurde moatte as deputearren; op dy manier ûntstiet der in sake kolleezje. Allinne sa kin der sprake wêze fan in folslein transparant en demokratysk proses. Fêste opposysje- en koälysjepartijen binne der yn dy sitewaasje net mear en sa wurdt de stim fan eltse kiezer (yn kombinaasje mei referinda en digitaal rieplachtsjen) wier heard yn provinsjebestjoer.

Ophâlde mei bestjoerlike efterkeamers

In oar punt dat feroarje moat binne de net-demokratyske bestjoerlike efterkeamers, want hjirtroch hawwe subsidiearre klupkes faak ûnrjochtlik in tsjokke finger yn de brij. In soad besluten komme nammentlik sa ta stân. In goed foarbyld binne de saneamde 'klimaattafels': beslútfoarming efter tichte doarren, fier fuort fan de boarger en folslein út it sicht fan de folksfertsjintwurdiging. Besluten mei fiergeande gefolgen foar de boargers, mar se wurde dochs nommen bûten ús demokratyske kontrôle om.

Ferbettering demokratysk proses

Der is hiel wat oan te merken op en te feroarjen oan it demokratyske proses.
Wy sille ús dêrom bliuwend ynsette om dat te ferbetterjen en de transparânsje te fergrutsjen. It begryplike mistrouwen yn politisy en it hiele demokratyske proses spilet al jierren en nimt allinne mar ta. De hjoeddeiske bestjoerlike boppebazen dy't it belied yn Nederlân en Brussel al jierrenlang beskiede, binne dêr ferantwurdlik foar. De skynhillige manier fan polityk bedriuwen, it tekoart oan konsekwint belied en it systematysk ûnderstek dwaan fan en net harkjen nei de stim fan de boarger binne hjir de oarsaken fan. Mei help fan dyselde boarger hoopje wy hjir nei de ferkiezings, mei in demokratysk mandaat, feroaring yn te bringen. Dit is sawol yn it belang fan Fryslân as fan Nederlân.

› US OPLOSSINGS

- Mear ynspraak foar de boargers troch de ynwenners fia referinda en digitaal rieplachtsjen in stim te jaan by it ta stân kommen fan belied
- Fierdere en fiergeande demokratisearring fan de bestjoersorganen
- De provinsje toant iepen en transparant hokker besluten der wurde nommen en mei hokker jild. Bestjoerlike dokuminten wurde aktyf iepenbier makke
- As tafersjochhâlder op gemeenten en gearwurkingsferbannen, set de provinsje har yn om de demokratyske wurking fan beide te fersterkjen
- De provinsje leit gjin gemeentlike weryndieling fan hegerhân op
- Gjin politike of betelle ekstra funksjes foar de kommissaris fan de Kening en deputearren
- De Kommissaris fan de Kening en de boargemasters wurde streekrjocht keazen troch it folk
- De provinsje fiert yn it foarste plak har kearntaken út, nammentlik ekonomyske en romtlike ûntwikkeling, ynfrastruktuer, iepenbier ferfier, natoer en lânskip en kultuerhistoarysk erfgoed. Fan dy kearntaken mei ôfwykt wurde as dat nedich is yn it belang fan Fryslân en/of de Fryske boarger

› LANBOU & FISKERIJ

De lânbou partij
De PVV is feitliken de iennichste partij, dy't wier opkomt foar ús boeren. Boeren dy't faak al generaasjes lang mei harren famyljebedriuwen in essinsjele bydrage leverje oan de Fryske ekonomy en ús itensfoarsjenning. Us konkreet boadskip foar de lânbou is dêrom: *de boer moat boer bliuwe kinne, hannen ôf fan de boer.*

Gjin stikstofprobleem
Spitigernôch diktearret it klimaat- en natoerbelied tsjintwurdich wat der barre moat, en dat makket it feitliks ûnmooglik foar de boer om noch gewoan syn wurk te dwaan. It is de lânbou dy't fan de loftse klimaatlobby oeral de skuld fan krijt en it as sektor foar de kiezzen krijt. Wy fine dat dy heksejacht fuortendaalk ophâlde moat.
It gefolch is nammentlik dat dizze wichtige groep ûndernimmers no te meitsjen hawwe mei grutte ûnsekerheden. Dat komt benammen troch it ûnsinnige en fier te fersmiten stifstofbelied en dat is needlottich foar de lânbou en de nekslach foar in soad boere-famyljes. En wat it noch slimmer makket, is dat der gjin stikstofprobleem is. It is een troch de klimaatdrammers optocht sabeare probleem. Krekt lykas myljeu-fersmoarging is it in faak misbrûkt begryp om in skyn probleem oan te roppen. Bygelyks CO_2 wurdt faak net korrekt brûkt yn dit ferbân. It binne spitigernôch allegearre ûntjouwings dêr't net allinne de boeren grutte skea fan ûnderfine, mar dêr't ek de rest fan de mienskip de gefolgen fan fernimme sil.

Realistyske fizy op ús gea
It is fan belang dat der altyd genôch omtinken is foar it gea om ús hinne, de folkssûnens, wolwêzen fan bisten en leefberens. Mar dat is better te realisearjen troch in konstruktive gearwurking mei de lânbou, as troch it twongen fan boppe-ôf oplizzen fan ûnnedich grien belied. It is úteinlik it mannichfâld fan regels út Brussel, De Haach en Ljouwert, dat it de boeren frijwol ûnmooglik makket om noch in bedriuw draaiend te hâlden. In boer moat frij ûndernimme kinne mei sa min mooglik obstakels troch ûnsinnige regels of natoer regeljouwing dy't der fier by troch is.
Wy sjogge dêrby ek in soad mearwearde yn in fierdere fuortsetting fan de wichtige rol fan de boer by natoer- en lânskipsbehear. Der wurdt faak suggerearre dat boeren skea oanbringen oan de natuer, mar wy sjogge dit hiel oars; yn de measte fallen binne de boeren krekt fan grutte wearde foar de natuer.

Wy wolle boppedat foar de sektor ynsette op it sa rom mooglik meitsjen fan alternative ynkomsten, want op dy manier kin it boerebedriuw finansjeel warberder wurde en fangefolgen sil it minder kwetsber wêze.

Bestriding wolf

De lânbou hat aloan te krijen mei it probleem fan de wolf. Wy fine dat der foar de wolf yn Fryslân en yn de rest fan Nederlân gjin plak is. Fange en oerbringe nei geskikte kriten yn it bûtenlân is in opsje en as dat gjin oplossing is, dan binne wy foarstanner fan ôfsjitten.

Wichtige rol lânbou

De lânbou hat troch it beswierlike klimaat- en natoerbelied te krijen mei eksistinsjele bedrigings, mar Fryslân is in plattelânsprovinsje dêr't de lânbou in krúsjale rol ferfollet. En dat moat sa bliuwe. It is in rol, dy't in soad (politike) partijen fergetten hawwe, mar net de PVV. Wy realisearje ús dat it prachtige en unike Fryske lânskip al generaasjes lang troch boeren yn stân hâlden wurdt. De lânbou moat dêrom de romte wer krije om har te ûntjaan en net opsetlik te meitsjen krije mei belied dat de mooglikheden en wichtige rol fan de sektor struktureel ûndergraaft.

Fiskerij

Neist de lânbou wurdt ek de fiskerij ferskuorrend ûnder druk set troch Brussel en De Haach. Ferstikkende regeljouwing en it fierder yndamjen fan de beskikbere fiskerij gebieten hinderjen de fiskerij en taaste de sektor fierder oan. It belied is ek hjir sa fier trochsketten dat sels de garnalefiskers te meitsjen krije mei de stikstof-maatregels as se yn 2021 te ticht by Natura 2000 wetter fiske hawwe. It is in foarbyld dat de belangen fan de fiskers, lykas dy fan de boeren, ûndergeskikt makke wurde oan dy fan EU burokraten en klimaataktivisten; en dit moat fuortendaliks stopje. De fiskerij moat wer besteansrjocht krije troch belied dat rjochte is op kânsen en takomstperspektyf en net op ûnnedige (griene) behinderingen.

› US OPLOSSINGS

- Fryslân moat har mei alle mooglike middels fersette tsjin de útfiering fan it lanlike stikstofbelied; der is gjin stikstofprobleem
- It ûnteigenjen fan boerebedriuwen is nea en te ninter in opsje
- Klimaat- en natuerplannen meie it lânboubelied net langer diktearje
- Heldere en dúdlike regeljouwing foar en mei de lânbousektor
- Gjin provinsjale bydrage oan Natuer Netwurk Nederlân en oare miljeu- en natoerklupkes, mar goed behear en – foar safier mooglik - behâld fan besteande natuergebieten tegearre mei ûnder oaren de boeren
- Gjin plak foar wolven yn Fryslân
- Yn gjin gefal subsydzjes foar dongfergisters en fergunnings allinne as der gjin oerlêst en gefaar is

› KLIMAATREALISME & ENERZJYTRANSYSJE

Kommersjele belangen

Yn de klimaat- en enerzjydiskusje spylje benammen de belangen fan politisy mei tunnelfizy en miljeu-organisaasjes in oerhearskjende rol. Yn dy diskusje is der gjin romte foar oare mienings en men wurdt achte blyn mei te gean yn de yllúzje dat de wrâld hast net mear te rêden is. Lykwols hâlde wy ús wol oan de feiten fan de realiteit. Feiten dêr't de needsaak fan it alles ferneatigjende klimaat- en enerzjy-belied totaal net út bliken docht. It tsjintwurdige belied is benammen ynjûn troch kommersjele belangen en om dy melkko yn stân te hâlden wurdt der mei belestingsinten einleas ynvestearre yn kostbere 'maatregels' en yn it kreëarjen fan keunstmjittige baantsjes lykas alle subsidiearre klimaat- en enerzjy 'coaches'. Sels de gewoane boarger is finzen nommen mei subsydzjes op sinnepanielen en saldearringsregelingen.

Klimaat- en miljeugekte

De klimaat- en miljeugekte hat Nederlân oernommen en ek de Fryske polityk rint mei de blynkape op efter dy troch Brussel en De Haach opleine wurklist. De sels betochte klimaat- en stikstof krisis kostje hûnderten miljarden oan belestingjild, stjoert boeren nei de ôfgrûn, leit de wenningbou stil en bringt de ekonomy rampsillige skea ta mei in gigantyske ynflaasje en fangefolgen in sterk negatyf effekt op ús wolfeart. Mar yn werklikheid is der gjin sprake fan in klimaat- en stikstof krisis en dêrom moat der in ein makke wurde oan de útfiering fan dit alhiel ûntspoarde en radikalisearre belied. It klimaatakkoart en de Regionale Enerzjystratezjy (RES) kinne wat ús oanbelanget tagelyk de ôffalbak yn, want it giet per slot fan rekken goed mei it miljeu: de lucht en it wetter hawwe al sûnt tsientallen jierren net sa skjin west. Wy litte ús dêrom net op 'e doele bringe troch saneamde klimaat-alarmisten en miljeuaktivisten.

Gjin wyn- en sinneparken

Wyn- en sinneparken binne in goed foarbyld fan it trochsketten klimaat belied. Hja hawwe net allinne in negatyf effekt op it Fryske lânskip, mar soargje der ek foar dat de eigners sûnder skamte en mei help fan de ûnwittende belestingbeteller miljoenen fertsjinje, sa't bliken docht út resint ûndersyk[1]. En dat wylst it opwekken fan elektrisiteit dy't fan wyn en sinne ôfhinklik is, allinne yn de marzjes ús ferlet oan enerzjy kin dekke en – foar safier nedich en mooglik – gjin inkelde ynfloed hat op it klimaat. Wy binne en bliuwe dêrom tsjin it realisearjen fan nije wyn- en sinneparken. As iennige útsûndering hjirop fine wy dat in boer wol de mooglikheid moat hawwe om in wynmûne op eigen hiem te realisearje, mar allinne as dizze foldocht oan bepaalde betingsten; wêrfan ien fan de wichtichste is dat de omjouwing fan dizze mûne gjin oerlêst mei hawwe. Opbringsten út in (besteand) wyn- of sinnepark

[1] 'De excessieve winst van windpark Fryslân', ftm.nl

moatte t'en goede komme oan alle boargers en/of bedriuwen en net spesifyk oan eigners en/of klimaat relatearre belied.

Romte foar fossile enerzjy
Der moat romte bliuwe foar fossile enerzjy. Dizze foarm fan enerzjy soarget per slot fan rekken al lange jierren foar in betroubere boarne fan enerzjy. Wy binne net tsjin nije foarmen fan enerzjy dy't de fossile boarnen op lange termyn ferfange sille, want dêrtroch wurde we úteinlik minder ôfhinklik, mar dy oergong moat plak fine yn in reëel tempo. Sa wurdt bygelyks oerbelêsting fan it elektrisiteitsnetwurk dêr't we no mei te krijen hawwe, tefoaren kommen. De oergong nei oare enerzjyboarnen moat net te hastich gean troch in net fûndearre eangst byld mei ûnsinnige 'doomsday' senario's oer it klimaat en de natoer. Ofsjoen hjirfan binne wy foar it ôfbouwen fan winning út de Fryske boaiem en grut foarstanner fan gaswinning ûnder de Noardsee en – ûnder betingsten – ûnder it Waad.

Klimaatrealisme
Yn plak fan de foar Nederlân destruktive wei fan de klimaat waansin, wurdt it tiid foar klimaatrealisme. Mocht it nedich wêze, dan moatte wy ússels rjochtsje op oanpassing, lykas (fierdere) bou fan diken en kust beskerming. Boppe alles moat der romte komme foar wier alternative enerzjyboarnen lykas feilige foarmen fan kearnenerzjy, bygelyks thorium sintrales. Underweis nei de takomst kinne wy ús sa better wapenje tsjin natuerlike drigings en soargje foar in wiswier duorsume enerzjy-foarsjenning. It jild (hûnderten miljarden euro's) dat besparre wurdt mei it skrassen fan it hjoeddeiske klimaat-, natoer- en enerzjybelied, kin werom nei de boarger foar fersterking fan de keapkrêft. Op dat punt is nammentlik wol sprake fan in krisis, dêr't de beliedsmakkers efter de klimaat waansin foar in wichtich part ferantwurdlik foar binne, mei ûnder oaren de mânske stiging fan de enerzjy prizen as gefolch. As it sa trochgiet sil it bêste lân op ierde al lang stikken makke wêze, fier foardat it klimaat dat ea soe kinne.

› US OPLOSSINGS

- Ophâlde mei it subsidiearjen fan klimaatbelied en saneamde duorsume enerzjy
- Ophâlde mei it oanlizzen fan nije wyn- en sinneparken
- Gjin biomassa sintrales
- Aktyf behear belied allinne foar wier weardefolle natuergebieten
- Natura 2000 gebieten op 'e nij besjen (ferminderje)
- Beskerming fan greidefûgels, sa nedich troch it ôfsjitten fan rôfdieren om it lykwicht yn stân te hâlden
- Gjin bemuoïïng fan Brussel en De Haach mei ús saken

› YNFRASTRUKTUER & FERKEAR

Hege kwaliteit ynfrastruktuer

Ynfrastruktuer is de rêchbonke fan de Fryske ekonomy, want it fergruttet net allinne de wolfeart, mar ek de kânsen foar de ynwenners. Ynfrastruktuer is dêrmei in wichtige kaai om de mooglikheden fan Fryslân as unike provinsje folslein te brûken en te fergrutsjen. Foar ús is it dêrom in prioriteit dat ynfrastruktuer fan hege kwaliteit wêze moat, want it is essinsjeel dat ynwenners fan ús provinsje altyd tagonklik, feilich, betelber en fluch fan A nei B reizgje kinne. It is in wichtige kearntaak fan de provinsje om dit te garandearjen, ûnder oaren troch de ferantwurdlikens foar it ûnderhâld. It hjoeddeiske kolleezje ferwaarleazget dy taak en sil besunigje op it ûnderhâld nivo troch it nivo werom te bringen nei in 6, oftewol in minimale foldwaande. Soks giet t'en koste fan de feiligens, wylst der bygelyks wol in soad miljoenen bestege wurde oan de oerstallige ferduorsuming fan it iepenbier ferfier. De finansiering fan dit soart sinleas belied wurdt dien troch jild fuort te heljen by oare wichtige ferantwurdlikheden, lykas it ûnderhâld. Mar troch dit legere ûnderhâld sil yn de takomst de rekken dramatysk heger wurde. Wy fine it dêrom wichtich dat der bliuwend ynvestearre wurdt yn ús ynfrastruktuer en mobiliteit. Dat moat benammen dien wurde yn oerlis en petear mei de ynwenners. Allinne sa kinne knyppunten effektyf oplost wurde en berikberens, kwaliteit en feiligens fergrutte wurde.

Tsjin beskoalmasterjen fan ferkearsdielnimmers

By de oerheid hearsket faak de ferkearde opfetting, dat de boarger tsjin himsels beskerme wurde moat. Foarbylden dêrfan binne de ferplichte helm foar de snorfyts, it mooglik ynfieren fan in fytshelmplicht of de ferplichte snelheidsbegrinzer foar de auto. Allegear lanlik belied wêr wy plan-út tsjin binne, want de iennige effekten fan dit soart maatregels binne dat it de frijheid fan de boarger fierder beheint en dat it de boarger ûnnedich op kosten jaget troch boetes foar bygelyks it net dragen fan in fytshelm. Hoewol't it dragen fan in fytshelm sûnder mis de feiligens ferheegje sil en dêrom advisearre en stimulearre wurde kin, moat de provinsje ha wol mei alle mooglike middels fersette tsjin in ferplichting.

Ophâlde mei it útklaaien fan it Iepenbier ferfier

De ferkearde prioriteiten fan de provinsje liede fangefolgen ek ta mear ferfier earmoed troch it útklaaien fan it lokale iepenbier ferfier. Bygelyks troch it strekken fan buslinen en it skrassen fan bushaltes yn de doarpen. It doel fan it iepenbier ferfier moat maatskiplik wêze, nammentlik om alles en elkenien berikber te hâlden troch it leech hâlden fan de kosten en it skeppen fan in folslein ynklusyf oanbod. It iepenbier ferfier is der net om winst te meitsjen. De privatisearring fan it iepenbier ferfier is dan ek net goed útpakt. Dêrom fine wy it needsaaklik dat de (provinsjale) oerheid wer mear de lije sels yn hannen nimt om de kwaliteit, betelberen en doelmjittigens fan it iepenbier ferfier te ferbetterjen. Dat sil allinne slagje as de

hjoeddeiske politike boppebazen plak meitsje foar oare partijen lykas de PVV. In gruttere rol foar de oerheid yn it iepenbier ferfier mei net misbrûkt wurde foar oare doelen, lykas de trochsleine ferduorsuming.

Legere lêsten automobilist

It stigmatisearjen fan de automobilist ûnder it mom fan de klimaat aginda moat stopje. In auto befoarderet de bewegingsfrijheid fan ús ynwenners en is foar in soad minsken fan it plattelân ûnmisber. Dêrom wolle wy legere lêsten foar de automobilist troch it stap foar stap ferleegjen en úteinlik alhiel skrassen fan de opsinten op de wegebelesting, sûnder dat dêr in ferfanger foar komt. Alle lesten foar de automobilist soene wat ús oanbelanget leger kinne of ôfskaft wurde moatte. Tink bygelyks oan legere belesting op brânstoffen of de ôfskaffing fan de bpm, mar spitigernôch geane wy dêr as provinsje net oer.

Ferkearsfeiligens

Ferkearsfeiligens foar alle ferkearsdielnimmers is foar ús perfoarst in spearpunt. Foar de ferbettering fan de feiligens yn bygelyks it iepenbier ferfier binne wy foarstanner fan mear hanthaveners en foar it feilich meitsjen fan halteplakken. Feiligens en trochstreaming op de wegen binne te fergrutsjen troch in fariabele snelheid op regionale wegen yn te fieren en troch op autowegen en autosnelwegen de snelheid te ferheegjen. Hurder wêr mooglik en stadiger wêr wier nedich: sa ûntstiet in bettere en feiliger trochstreaming. Ferbettering fan it útsjoch op regionale wegen kin realisearre wurde troch it ferpleatsen fan beammen en/of strûken, yn kombinaasje mei ferbettere strjitferljochting en mear reflektorpealtsjes. Foar fytser en kuierder is it wichtich om yn te setten op feiliger en bettere oerstek-plakken, likegoed as bettere strjitferljochting en in kwaliteitsferbettering fan it Fryske fyts netwurk. Ek moat soarge wurde foar unifoarmiteit wat de foarrangsregels fan fytsers op rotondes oanbelanget.

› US OPLOSSINGS

- It pro-aktyf bestriden fan ferfier earmoed
- It stap foar stap ferleegjen en úteinlik alhiel skrassen fan de opsinten op de wegebelesting, sûnder dat dêr in ferfanger foar komt
- Gjin ferbod op it gebrûk fan diesel- en bensineauto’s en -bussen
- It ûnderhâld nivo fan de ynfrastruktuer net ferleegje; in sa heech mooglik kwaliteits- en ûnderhâld nivo moat it útgongspunt wêze
- Ynvestearje yn it Fryske fyts netwurk en yn genôch fytsestallingen
- Ophâlde mei it strekken en skrassen fan buslinen en bushaltes

› KULTUER & YMMIGRAASJE

Behâld en befoarderje fan de Fryske taal, kultuer & tradysjes
Wy binne grutsk op ús taal, kultuer en tradysjes. De Fryske taal is in wichtich ûnderdiel fan ús identiteit en de provinsje moat it Frysk dêrom oanhâldend stimulearje yn sawol it ûnderwiis as yn it maatskiplik libben. Dit betsjut dat yn it ûnderwiis bliuwend les jûn moat wurde yn de Fryske taal en fan deselde kwaliteit moat wêze as it lesjaan fan de Nederlânske taal. De provinsje stekt hjir alle jierren miljoenen yn, mar der wurdt amper tafersjoch hâlden op de effekten en dat moat feroarje. Benammen no't we yn in tiid libje dêr't ús kultuer en tradysjes hieltyd fierder ûnder druk komme, is it wichtich om hjir in prioriteit fan te meitsjen en de kwaliteit fan it lesjaan yn it Frysk te beweitsjen. It wurdt heech tiid dat de wet- en regeljouwing, dy't hjir al jierren foar bestiet, hanthavene wurdt.

Tsjingean massa-ymmigraasje
Ek wy fine dat minsken dy't yn need ferkeare holpen wurde kinne moatte.
Yn prinsipe moat dat dien wurde troch flechtlingen safolle mooglik op te fangen yn de eigen omkriten. Feitliken is dat frijwol altyd mooglik. Finansiering soe yn it foarste plak dien wurde moatte troch jeften fan boargers dy't hjir frijwillich foar kieze en net troch de oerheid, dy't bûten syn eigen kearntaken om en sûnder demokratyske legitimaasje hjir in soad jild yn stekt. Mocht dat yn guon gefallen dochs wier net slagje, dan kin dat nea langer wêze as oant it momint, dat it yn eigen lân of gea wer feilich genôch is. Hoenear dat dan ek is: nei in moanne of 10 jier as it nedich is. Om dy reden hat yntegraasje dan ek gjin doel. It oanbieden fan in oplieding of kursus yn 'e rin fan it tydlike ferbliuw yn Nederlân en dêr't se yn eigen lân wat mei kinne, is folle better en ferlytset de kâns dat se yn de takomst werom komme. Mar yn Nederlân is it noch altyd sa, dat wa't hjir komt en talitten wurdt (en dat jildt foar frijwol elkenien), hjir dêrnei de rest fan syn of har libben bliuwe mei en nea wer werom hoecht nei it lân fan oarsprong of de direkte omkriten. Dit is foar ús ûnakseptabel en mei sa stadichoan 18 miljoen minsken dy't al yn it lytse Nederlân wenje, is dit dan ek de reden dat we ús (hoe hurd it ek klinkt) op it stânpunt stelle dat ús grinzen ticht moatte!

De kulturele eroazje troch dizze massa-ymmigraasje komt benammen troch de hjoeddeiske polityk korrekte bestjoerders en de troch harren trochdrukte feroarjende gearstalling fan de befolking. Troch de massale tastream fan ymmigranten, dêr't it grutste part dus úteinlik permanint bliuwe mei, is der ûnderwilens sprake fan in sitewaasje dat net de ymmigrant him oanpasse moat, mar de autochtoan. De autochtoan wurdt mear en mear benefter steld en diskriminearre. Dat sjogge we bygelyks by it tawizen fan sosjale hierwenten, dy't mei foarrang nei statushâlders geane. It is de wrâld op syn kop!

Yn plakken as Drachten en Ljouwert is it strjitbyld al rampsillich feroare en op ferskate plakken yn de provinsje binne need opfanglokaasjes foar statushâlders

ynrjochte. Demokratyske legitimiteit ûntbrek folslein, omdat omwennende neat frege wurdt, want ek hjir wurde belang en posysje fan de eigen befolking op it lêste plak set. Us kearnwearden en ferwurvenheden as Friezen steane sa hieltyd mear ûnder druk troch de komst fan dy grutte groepen (troch de jierren hinne benammen islamityske) ymmigranten. Wy geane net mei yn dy ôfbraak fan ús kultuer. Wy binne in lân mei kristlike en humanistyske woartels en in rike skiednis. Alles wat we hjoed-de-dei berikt hawwe, komt dêr út fuort: ús wolfeart, ús demokratyske rjochtssteat en ús hiele frijheid. Hoewol't sa stadichoan alles fiks oan it ôfbroazeljen is, binne wy dêr grutsk op. Wy sille der alles oan dwaan om te beskermjen en te behâlden wat we noch hawwe.

Woke, in slûpmoardner

Op it earste gesicht liket woke ûnskuldich. It is ommers fanselssprekkend, dat elkenien de romte krije moatte soe om him/harsels te wêzen sûnder dat er lytsachte of diskriminearre wurdt. Lykwols, de ferskuorrend yngripende gefolgen fan woke en alle ferskynsels dy't der sa stadichoan ûnder ferstien wurde, geane folle fierder as dat. It is de gelikense wurden fan ekstreem loftse ideeën. Op dy manier wurde in soad kanten dy't ûnder it fenomeen wok falle, faak noch oer de kop sjoen. Boppedat hawwe de minsken dy't har identifisearje mei dizze slûpmoardnersbeweging in ôfgriis fan alles en elkenien dy't it net folslein mei har iens is. Dat kin gean om in klimaat-stânpunt, mar ek om it boykotten fan in útdrukking as 'apepokkefirus'. Troch dy manier fan ôftwingen wurdt eltse foarm fan demokrasy ûnderstek dien. Allinne dizze diktatoriale beweging beskiedt wat korrekt is en wat net. In effektive manier om der foar te soargjen, dat it tal saneamd net winsklike mieningen sa lyts mooglik is, is yn feite neat minder as sensuer. In middel dat oan de rinnende bân brûkt wurdt troch de saneamde mainstream media, bygelyks NPO, NOS of NU.nl. De oerbliuwende bûtensteanders dy't har net fange litte troch dy breinwask-sensuer, wurde oanpakt troch de 'cancel culture', dy't yndividuen, bedriuwen of partijen gewoanwei fuortpoetst út de mienskip. En dat yn in rjochtssteat. Mei oare wurden: de klup dy't it gewisse fan de wrâld wêze wol en saneamd alles en elkenien likense kânsen en rjochten jaan wol, skrast sels minsken. Wy sille ús bliuwend fersette tsjin sensuer, yndoktrinaasje en de cancel kultuer yn syn algemienheid, om't wy stribje nei respekt fan beide kanten middels frijheid en demokrasy foar de boargers.

Selsstannigens fan de kulturele sektor

De loftse politike elite wie tige wiis mei harsels doe't Ljouwert in pear jier lyn it predikaat 'Kulturele Haadstêd 2018' krige. Mei in budzjet fan € 72 miljoen koe der in grut kultureel feest boud wurde mei de provinsje as grutste sponsor en mei de belestingbeteller as ynvestearder, dy neat frege is. Wy hâlde fan keunst en kultuer, mar net fan keunst- en kultuersubsydzjes. De einleaze stream belestingjild dy't struktureel yn dizze sektor pompt wurdt, is net ferantwurde en net te ferdigenjen. Hielendal net yn in tiid, dat in soad ynwenners te krijen hawwe mei finansjeel ûndraachlike tiden. Wy fine dat kulturele eveneminten en kulturele ynstellingen dêrom har eigen broek ophâlde moatte. It ûntbrekt dizze sektor folslein oan

selsstannigens en ûndernimmerskip, trochdat it normaal wurden is dat se subsydzje barre. Wy wolle oan op in mentaliteitsferoaring yn dizze sektor. It organisearjen fan kulturele eveneminten en it yn stân hâlden fan kulturele ynstellingen is uteraard poerbêst, mar dan mei privaat jild en net mei mienskipsjild.

Beskerming fan kultureel erfguod
It Fryske kulturele erfgoed is ûnderdiel fan ús mienskiplike identiteit en in wichtich ûnderdiel fan de oanlûkingskrêft fan Fryslân. De rike en bysûndere gebouwen en de skildereftige doarpen meitsje Fryslân unyk. Dêrom moat der goed op it Fryske erfgoed past wurde. Spitigernôch moatte boargers faak sels yn aksje komme om sok erfgoed te behâlden, lykas okkerdeis yn Beetstersweach, dêr't in petysje foar it behâld fan it Lomanhûs start wurde moast. It is spitich dat de provinsje en gemeenten harren taak op dit mêd ferwaarleazgje. Wy fine krekt dat der pro-aktyf belied fierd wurde moat om sok erfgoed te behâlden. Itselde jildt foar net-materieel erfgoed lykas it ferieningslibben of buert- en doarpshuzen. De provinsje moat dat dan ek stimulearje en meihelpe en dêrby gearwurkje mei gemeenten, want dit belied falt úteinlik ûnder de ferantwurdlikens fan de gemeenten. De Haach moat it gemeentefûns dêrom opheegje, sadat gemeenten hjir ek genôch jild foar hawwe; bygelyks om buert- en doarpshuzen te stypjen by de sterk tanommen enerzjyprizen.

› US OPLOSSINGS

- Gjinn woke diversiteitsbelied of 'positive' diskriminaasje
- Gjin (tydlike) húsfesting statushâlders en oare ymmigranten
- Gjin holddoeken yn it provinsjehús en hânhavenjen fan it boerkaferbod
- Gjin foarrang foar statushâlders
- Kultuersubsydzje net langer automatysk ferstrekke
- Genôch jild foar ûnderwiis yn it Frysk en de Fryske kultuer; dit moat lykop gean mei it weitsjen foar kwaliteit en hanthavening
- Beskerming Frysk kultureel erfgoed troch yn te setten op pro-aktyf belied
- It stypjen fan net-materieel erfgoed, lykas it ferieningslibben, bibleteken, buert- en doarpshuzen, it tradisjonele sinteklaasfeest mei swarte Pyt en bygelyks it skûtsjesilen

ING

› EKONOMY & LEEFBERENS

Ekonomyske mooglikheden better brûke
De kânsen en it lok fan de Fryske boarger binne foar in wichtich part keppele oan de ekonomyske sitewaasje. Romte foar selsûntwikkeling en in sa leech mooglike belestingdruk binne wichtich om de maksimale ekonomyske mooglikheden brûke te kinnen. De provinsje moat der om dy redenen dan ek benammen wêze om de ynwenners te stimulearjen en te skoarjen en net om se te behinderjen en te beskoalmasterjen. Wy fine it dêrom wichtich dat it provinsjaal belied basearre is op dizze útgongspunten.

De provinsje hat ekonomyske ûntwikkeling as kearntaak en soe dy útgongspunten dêrom stal jaan moatte. Mar spitigernôch is it sittende kolleezje ferantwurdlik foar it skeppen fan omstannichheden, dy't de mooglikheden fan de Fryske ekonomy net folslein brûke en de boargers earder tsjinwurke as stimulearre. Troch it oermjittich útjaan fan de Nuon sinten oan kulturele prestiizje projekten, yn stee fan te ynvestearjen yn de provinsjale ekonomy en it (foar in part) oan te hâlden as reserve foar mindere tiden, oant it lizzen fan de ferkearde aksinten op sinleas belied lykas Natuer mei de Mienskip en it optugen fan ekstra klimaat relatearre behinderjende regeljouwing yn de nije omjouwingsferoardering.

Troch dit net ferantwurde belied is de provinsje needsake om de kommende jierren te besunigjen. It kolleezje hat it oer in ferfelend boadskip foar de Fryske mienskip, mar it is in boadskip dêr't se dus sels ferantwurdlik foar binne. De Fryske ynwenners draaie no op foar it wanbelied yn de foarbye jierren fan it sittende en de foarige kolleezjes. Kolleezjes dêr't de measte fan de tsjintwurdige koälysjepartijen diel fan útmakke hawwe.

Wy wolle werom nei de basis mei in útjeftepatroan, dat útgiet fan it tinken: hoe kinne wy mei de beskikbere finansjele middels de Fryske ekonomy it bêste stypje om safolle mooglik by te dragen oan it lok en de leefberens fan de Fryske ynwenners. Yn dy tinkwize is der allinne romte foar belied dat net abstrakt is en sikerwier bydraacht oan dit útgongspunt.

Stimulearje ûndernimmerskip
Foar selsûntwikkeling is de romte om te ûndernimmen in wichtich ûnderdiel.
Dat soarget nammentlik net allinne foar persoanlike en bedriuwsmjittige groei fan de ûndernimmer sels, mar ek foar oaren troch it skeppen fan wurkgelegenheid en sosjale struktueren. Dêrnjonken is it de motor fan de ekonomy. It is dêrom fan it grutste belang dat de provinsjale oerheid bydraacht oan in sûn ûndernimmers-klimaat. Om te begjinnen troch folle minder burokrasy, mar ek troch it mooglik meitsjen fan stipepunten en ynformaasje plakken dêr't ûndernimmer terjochte kinne foar ynformaasje oer ûnder oaren de mooglikheden foar it krijen fan finansiering of húsfesting. Dêrneist moatte ûndernimmers mei in libbensfetber bedriuw yn

problemen mear help krije. Boppedat moat dúdlik wêze wêr't in ûndernimmer – nei in persoanlik fallisemint – terjochte kin foar advys oer de rûte nei nij takomst-perspektyf. Tsjintwurdich wize lokale oerheden spitigernôch faak nei elkoar en/of hawwe hja op dit mêd alhiel gjin kennis yn hûs. Bygelyks in Wnsp (Wet sanearring natuerlike persoanen) oanfraach fan in ûndernimmer mei in ienmanssaak is ornaris net dúdlikernôch. De provinsje en gemeenten yn Fryslân litte hjir in soad kânsen lizze, wylst beide bestjoerslagen mear dwaan kinne op dit mêd. In soad fan dy taken binne wol foar de gemeenten, mar de provinsje kin hjir in stjoerende rol op har nimme.

Yn oerlis mei ûndernimmers wolle wy knyppunten konkreet yn kaart bringe om se dêrnei mei ynset en dieden op te pakken en wêr nedich te ferbetterjen. Wy wolle ek dat der mear fan ús eigen jild út Brussel weromjûn wurdt oan de ûndernimmers sûnder dat se oan allegearre healwize klimaat- en duorsumens betingsten foldwaan moatte. De provinsje moat har dêr foar ynsette.

Ophâlde mei it ôfbrekken fan soarch en sosjale foarsjennings

De leefberens fan Fryslân stiet hieltyd mear ûnder druk troch de trochgeande ôfbraak fan ús soarch en de foarsjennings op 'e doarpen. Us ynset sil har altyd rjochtsje op it behâld fan goeie soarch en goede sosjale foarsjennings. It sosjale takepakket falt ûnderwilens ûnder de ferantwurdlikens fan de gemeenten en it Ryk hâldt tafersjoch en heart hjir genôch budzjet foar te jaan. Dat wurdt net dien: blykber ha se yn De Haach oare prioriteiten. De provinsje moat dêrom sûnder ophâlden druk útoefenje op it Ryk om de trochgeande teloargong fan de regionale en lokale soarch en foarsjennings, in halt ta te roppe en yn plak dêrfan sterk te ferbetterjen. Wy sille der by de provinsje bliuwend op oanstean om dit hoe dan ek te realisearjen.
Help oan minsken mei in ôfstân oant de arbeidsmerk by it fine fan wurk, is binnen it sosjaal domein ek wichtich. De provinsje moat dit dêrom stimulearje, stypje en gearwurkje mei gemeenten. It is nammentlik gjin kearntaak fan de provinsje en falt ûnder de ferantwurdlikheid fan gemeenten. De provinsje moat dêrfoar dan ek gjin jild reservearje mar De Haach, it Ryk moat de gemeentefûns ferheegje sadat sy foar dit belied foldwaande jild hawwe.

Feiligens

Sa't de ekonomy ferbûn is mei leefberens, is leefberens ferbûn mei feiligens.
It is needsaaklik foar in leefbere en lokkige mienskip. Yn ferhâlding ta de rest fan Nederlân is Fryslân in relatyf feilige provinsje, mar neffens it Frysk Sosjaal Planburo fielt 25% fan de Friezen har wolris ûnfeilich en wurdt dy groep sûnt 2019 wer grutter. Dêrneist nimt ek yn Fryslân de cyberkriminaliteit ta en nimt de reewilligens om oanjefte te dwaan ôf. In sitewaasje dy't foar ús net te fertarren is. Eltse boarger moat sûnder in gefoel fan ûnfeiligens syn/har libben liede kinne. De provinsje soarget tegearre mei it Ryk, de gemeenten, bedriuwen en helpferlieners foar feiligens yn ús provinsje. Om de trend ta hieltyd mear ûnfeiligens te kearen moat der fan alle partijen in passend en krêftich belied komme om de feiligens te ferheegjen.

Yn dit ramt binne wy foarstanner fan bygelyks it fergrutsjen fan de plysje kapasiteit en der is noch in wrâld te winnen troch mear kameratafersjoch yn útgeansgebieten en in bettere hanthavening.

Skoalswimmen
Skoalswimmen is hjoed-de-dei net mear fanselssprekkend en dat is foar in wetterrike provinsje as Fryslân net ferstannich, want it befoarderet de (swim)feiligens. De provinsje moat har dêrom sterk meitsje om it skoalswimmen yn hiel Fryslân wer yn te fieren. Wy fine it wichtich dat alle bern swimmen leare en dat berikke we it bêste fia de skoallen.

Digitale kânsen en bedrigingen
De ferskuorrend flugge digitale ûntjouwings fan de lêste tsientallen jierren hawwe in soad saken makliker en tagonkliker makke. Wy fine it dêrom wichtich dat alle ynwenners fan Fryslân tagong hawwe ta fluch en betelber ynternet. It digitale tiidrek hat ek in oare kant: in grutte groep minsken rekket efterop. Benammen om't foarsjennings lykas fysike bank kantoaren yn doarpen ferdwine en ynwenners dy't net digitaal ûnderlein binne, it troch dy ûntjouwings hieltyd dreger krije. En de mooglike komst fan bygelyks de digitale Euro, wat wy (ek fanwege it 'Big Brother is watching you' aspekt) net stypje, makket it foar in soad boargers noch lestiger. De groep ynwenners dy't der muoite mei hawwe om dit allegearre by te hâlden mei fan ús net fergetten wurde. De provinsje moat dêrom mei de gemeenten der foar soargje, dat it nivo fan foarsjennings leechdrompelich bliuwt en dat kennis ûntwikkeling ûnder alle ynwenners aktyf befoardere wurdt. Troch as regionale en lokale oerheden aktyf stipe oan te bieden, kin elkenien úteinlik diel bliuwe fan de maatskippij.

› US OPLOSSINGS

- Folle minder burokrasy foar sawol boarger as ûndernimmer
- Stimulearje fan skoalswimmen
- Opsetten fan in krêftich feilichheidsbelied
- Mei prioriteit ynsette op leefberens yn de doarpen
- Soargje foar tagonklikens fan foarsjennings
- Befoarderjen fan ûndernimmerskip en mear belutsenens by besteande ûndernimmers

› WENJEN & ROMTLIKE UNTWIKKELING

Gjin Deltaplan foar it Noarden

Fryslân is by útstek it lân om op in prachtige manier en yn relative rêst te wenjen en te wurkjen. Rêst, romte, in soad moaie natoer en in skjin fermidden om yn te libjen binne de ûnderskiedende kearn kwaliteiten fan Fryslân en in wichtige reden wêrom't Friezen de lokkichste boargers fan Nederlân binne.

Dy kearn kwaliteiten drige no oantaast te wurden troch it Deltaplan. In healwiis plan fol foarnimmens en ambysjes en mei arguminten en ûnderbouwings om de problemen fan de Rânestêd ôf te skowen op it Noarden. In plan dat by eintsjebeslút de Fryske identiteit en ús prachtige provinsje ûnderwerpe sil oan feroarings dy't net ien wol. Yn it Deltaplan stiet it belang fan de Rânestêd foarop en it Noarden mei ynleverje. Ynleverje op rêst en romte troch it oantaasten fan it lânskip en de massale bou fan nije wenten en troch de mooglike Lelyline dy't it lânskip trochkruse en fersteure sil. Mar blykber is dy oantaasting akseptabel foar de politisy efter dit plan. Wierskynlik om de gefolgen fan it mislearre asylbelied opfange te kinnen. It Deltaplan soarget der nammentlik foar dat der yn de Rânestêd mear romte oerbliuwt foar it húsfesten fan ymmigranten. Want sûnt 2006 komme de nije stedsbewenners net langer foar it meastepart út Nederlân, mar yn hieltyd gruttere tallen út it bûtenlân.

Wy binne dêrom tsjin it Deltaplan. Wy wolle Fryslân net opofferje om de problemen fan de Rânestêd en loftse politisy op te lossen. En ek by dit plan jildt dat it ûntbrekt oan eltse foarm fan demokratyske legitimiteit. De boarger wurdt der nammentlik net yn rieplachte. Om dy redenen moat it hiele Deltaplan neffens ús fan tafel.

Realistysk wenningbelied

Oars as de ambysjes fan it Deltaplan, moat wenningbou yn Fryslân der allinne wêze foar de ynwenners fan de provinsje en de Friezen om utens. De belangen en it ferlet fan de eigen befolking moatte neffens ús by beliedsplannen altyd foarop stean. Dus ek by wenningbou. Er binne oant 2030 likernôch 17.500[2] wenten nedich en wy fine dat dy benammen foar de eigen Fryske befolking reservearre wurde moatte. Want lykas yn de rest fan Nederlân is yn Fryslân ûnderwilens ek sprake fan in huze-tekoart en dan benammen fan betelbere huzen. Dy sitewaasje is benammen ûntstien troch tadwaan fan de Provinsje. It sittende en de foargeande kolleezjes hawwe, foardat se totaal los giene mei it Deltaplan, nammentlik tige sunich west mei it tawizen fan wenning kontinginten. Se binne boppedat trochslein yn duorsumens-foarskriften foar nije wenten. Dêrtroch is it ûntwikkeljen fan nijbou ûnnedich dreech makke en frijwol net mear te beteljen. Wenjen is lykwols in earste libbensferlet en

[2] 'Fryslân sil 17.500 wenningen bouwe en 2.400 huzen slope foar 2030', omropfryslan.nl

wy fine dêrom dat elke Fries rjocht hat op in goeie en betelbere wenning. Dêrom moat it provinsjaal belied yngeand feroarje, sadat it de wenningmerk net dwersbongelet, mar just oarsom foldwaande romte biedt om de winsken fan de eigen Fryske ynwenners mooglik te meitsjen.

Sok belied moat boppedat liede ta in gruttere provinsjale ynset om de bou fan sosjale hierwenten en wenten foar starters oan te fiterjen, want ek oan dy wenten is der in al langduorjend tekoart. Yn prinsipe moat er safolle mooglik yn 'e stêden en doarpen boud wurde. Allinne wannear't dat wier net mear slagget, kin der byboud wurde oan de bûtengrinzen fan de beboude kûm. Wy moatte derfoar weitsje, dat útwreiding net t'en koste fan it plattelân giet.

Starterslieningen

Oerheden kinne advisearje, bemiddelje en betingsten skeppe en dat moat ek foar de starters op de wenningmerk. De provinsje moat allyksa de belesting sa leech mooglik hâlde en der by de gemeenten op oan te stean om dat ek te dwaan. Op dy manier hâldt de boarger mear jild oer en hat sa mear startkaptaal om bygelyks by in bank oanklopje te kinnen foar in liening om in (starters)wente te keapjen. It jaan fan lienings is per slot fan rekken gjin kearntaak fan lokale oerheden.

Yntegraasje wetterskip

By de romtlike plannen ferfollet it wetterskip in sintrale rol. It is wichtich dat wetter en boaiem liedend binne yn de romtlike karren om Fryslân bewenber te hâlden. Fryslân is per slot in wetterrike provinsje, wêrtroch it wetterskip foar ús provinsje fan grutte wearde is. Neist it regeljen fan de wetterstannen is it nammentlik ek ferantwurdlik foar it behear fan ús diken en it suverjen fan ús ôffalwetter. Koartsein, in orgaan mei in foar Fryslân krúsjaal takepakket. Mar bestjoerlik kin it wetterskip better ynrjochte wurde. Wy binne fan betinken dat dy taken ek fanút it provinsjehûs útfierd wurde kinne. Dat sil neist de ferbettering fan de doelmjittigens en de beslútfoarming fan it amtnersapparaat, ek in wichtige besparring op de yndirekte kosten opleverje.

Revitalissaasje fan doarpssintra en binnenstêden

In soad doarpen en binnenstêden hawwe te krijen mei in soad leechstân fan benammen winkelpannen en sjogge der dertroch suterich út. It oplossen fan dit probleem leit by de gemeenten, mar de praktyk lit sjen dat der op dit meed te min dien wurdt. Al jierren steane in soad gebouwen leech en troch in hieltyd grutter merkoandiel fan webwinkels en de struktureel hege hieren, is it ek net te ferwachtsjen dat der mei gauwens in oplossing komme sil foar dy gebouwen. Dat ferget in nije oanpak fan de beliedsmakker, dêr't ynset wurde moat op in nije ynfolling foar dy gebouwen. De provinsje moat dêrom tegearre mei de gemeenten op syk nei oplossingen troch bygelyks sokke gebouwen – yn oerlis mei de eigners – in wenbestimming te jaan. Dêrtroch wurdt de wenfunksje yn doarpen en stêden fergrutte. Op dy manier kin in bydrage levere wurde oan it oplossen fan in

wenningtekoart en tagelyk it oansjen fan dy doarpen en buerten sterk ferbettere wurde.

Bedriuweterreinen
Bedriuweterreinen ferfolje in wichtige rol. Se húsfestje ûnder oaren distribúsje-sintra en ferfolje dêrmei in ûnmisbere funksje binnen de needsaaklike streamen fan guod. It binne dêrtroch lokaasjes fan belang mei in grutte ekonomyske wearde en tsjintwurdich ek hieltyd mear mei in sosjale rol; bygelyks troch de wen- wurk funksje op dizze terreinen.

Bedriuweterreinen binne wichtich by it realisearjen fan in geunstich festigingsklimaat foar bedriuwen yn Fryslân. Mar dat moat goed yn balâns bliuwe mei de kwaliteit en it oansjen fan ús typysk Fryske lânskip. Hoe wichtich bedriuweterreinen ek binne, se moat net byldbepalend wurde yn it Fryske lânskip. Dêrom binne wy foarstanner fan it safolle mooglik opknappen fan âlde bedriuweterreinen en it ynfoljen fan leechsteande lokaasjes, foardat oergien wurdt ta de oanlis fan nije terreinen. Bywannear't dat dochs nedich is, dan moat dat altyd yn oerlis mei de bewenners fan de omkriten. Dêrneist pleitsje wy der foar om plakken op bedriuweterreinen dy't al lange jierren leechsteane en/of suterich binne en dêr't op koarte of middellange termyn gjin ferlet oan bedriuwsromte ferwachte wurdt, de romte te jaan om feroarje te kinnen nei in wenbestimming.

› US OPLOSSINGS

- Ynsette op mear betelbere wenten en mear sosjale hierwenningen
- Fryske boargers hawwe foarrang op in keap- of sosjale hierwenning
- Wenningbouplannen moatte oanslute by de winsken en it ferlet fan de Fryske boarger
- Bou wenten dy't geskikt binne foar minsken fan alle leeftiden, mar ferplichtsje it net
- Trochsleine duorsumensfoarskriften safolle mooglik skrasse om bouwen betelber te meitsjen
- It wetterskip bestjoerlik ûnderbringe by de provinsje
- Gjin nije bedriuweterreinen as âlde terreinen opknapt wurde kinne
- It ferbetterjen fan doarpssintra en binnenstêden, ûnder oaren troch it oanpakken fan lang duorjende leechstân

L

› TOERISME & REKREAASJE

Fryslân, in ferburgen pearel
Toerisme en rekreaasje binne ûnskiedber ferbûn mei Fryslân. Lonely Planet neamde Fryslân yn 2018 noch in ferburgen pearel en neamde de provinsje as ien fan de top-bestimmingen yn Europa. De toeristen bewûnderje de harmonij, de smûke, lytse stêden, it iepen lânskip, de eilannen en it klearebare karakter fan ús provinsje. Sa'n erkenning is posityf foar Fryslân.

Toerisme en rekreaasje leverje in wichtige bydrage oan de provinsjale ekonomy, mar der moat yn de provinsje wol in sûne balâns bliuwe tusken it behâld fan de rêst en de natoer en de toeristyske en rekreative sektor. In ôfnimmende leefberens foar de eigen befolking moat tefoaren kommen wurde. Wy fine it dêrom wichtich dat toerisme en rekreaasje oanfitere wurde, mar dat de leefberens fan ús provinsje altyd foarop stean moat.

Wettersport
Wettersport hat in grut oanpart yn de Fryske rekreative sektor en it is skaaimerk fan Fryslân. Sawol toeristen as de eigen bewenners genietsje fan de mannichte moaie farwegen dy't Fryslân te bieden hat. Spitigernôch stiet it plezierfarren op ferskate plakken ûnder druk. Dat komt ûnder oaren troch de oanhâldende groei fan de beropsfeart en in te rom ûntheffingsbelied fan de provinsje. Dat moat oars en dat kin troch it provinsjale belied te rjochtsjen op in bettere skieding tusken berops- en plezierfarren. Dat komt ûnfeilige sitewaasje op it wetter tefoaren.

Goeie sportfoarsjenningen
Ut ûndersyk docht bliken dat minsken dy't sporte meastal lokkiger binne as minsken dy't net sporte. It makket minsken fitter en sûner en it kin bydrage oan it sosjale netwurk en selsûntwikkeling. Wy fine dêrom dat sport tagonklik wêze moat foar elkenien en dat Fryslân om dy reden genôch goeie en leechdrompelige sportfoarsjennings ta syn foldwaan ha moat. De provinsje kin op dat mêd, tegearre mei gemeenten en eventuele private partijen, in helpende en stjoerende rol spylje om dit te realisearjen. En dat is nedich, want der binne al goed 80.00 sportende Nederlanners ophâlden mei har sport, om't it te djoer wurdt. En likernôch 310.000 sporters sporte minder faak yn ferbân mei de kosten. Dêr komt boppe-op dat jitris 475.000 minsken oerwage om it sporten te beëinigjen as de kosten fierder tanimme. By dy sifers giet it sawol om bern as folwoeksenen. Dy konklúzjes dogge bliken út ûndersyk yn opdracht fan NOC*NSF oer it dielnimmen oan sport. It provinsjale sport-belied moat dêrom mei as doel hawwe om dit tij te kearen.

Thialf
Thialf en de Fryske kultuer binne mei elkoar ferbûn. De reedriders-arena is sawol foar topsport as rekreant in prachtich plak om te reedriden en ek foar it merk Fryslân yn de wrâld is Thialf in wichtich ûnderdiel. Spitigernôch hat Thialf al jierren te krijen mei drege finansjele omstannichheden en in ûnwisse takomst. Sjoen de funksje en status fan Thialf fine wy dat it doel wêze moat om Thialf yn stân te hâlden. Mar net te'n koste fan alles. De foarbye jierren is der troch de provinsje al foar tsientallen miljoenen ynvestearre om it oerein te hâlden.

De takomst sjocht der troch de hegere enerzjy prizen en dramatysk oprinnende ynflaasje net hiel goed út. Thialf moat net keunstmjittich yn libben hâlden wurde troch it aloan en wer oan it finansjele ynfús te lizzen, want dat is sjoen it belang fan de Fryske boarger net winsklik. Dêrom fine wy dat der no definityf in punt set wurde moat efter de oanhâldende finansjele stipe foar topsport mei mienskipsjild. Der moat altyd ferantwurde omgien wurde mei belestingjild en dat betsjut dat der net oanhâldend en sûnder betingsten jild ynvestearre kin wurde yn Thialf. Selsredsumens moat it útgongspunt wêze, sadat Thialf op eigen fuotten stean kin; eventueel mei help fan private partijen.

Sunich wêze op Fryslân
Sawol no as yn de takomst bliuwe toerisme en de rekreative sektor wichtich foar Fryslân. Der wurdt wurkgelegenheid skepen, foarsjennings wurde yn stân hâlden en de sektor soarget foar ynnovaasje en ûndernimmerskip. Dêrneist binne der ferbinings mei oare beliedsterreinen lykas ynfrastruktuer. Bygelyks goeie en moaie kuier- en fytsrûtes en genôch tagonklik iepenbier ferfier binne essinsjeel foar it behâlden fan de Fryske oantrekkingskrêft foar toeristen en rekreanten. Wy stribje dêrom nei in alsidich, fitaal en takomstbestindich belied foar dizze sektor. Belied dêr't it behâld fan de Fryske leefberens it útgongspunt is, want we moatte sunich wêze op alle eleminten dy't Fryslân sa unyk meitsje.

› US OPLOSSINGS

- Soargje foar mear feiligens op it wetter
- Toerisme en rekreaasje moatte altyd yn balâns bliuwe mei de leefberens
- Foldwaande en leechdrompelige sportfoarsjenningen en akkommodaasjes
- Selsrêdsumens moat it doel wêze foar Thialf
- Genôch romte foar bridtesport in Thialf
- Fitaal en in op de takomst rjochte toerisme- en rekreaasje belied



› WWW.PVVFRYSLAN.COM